



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. PEASKEWACHT 12 APRIL 2009

Nacht

It is noch nacht at fan alle kanten minsken nei de tsjerke rinne... Je kinne sjen dat de sinne



Bûten baarnt in fjoer

hast opkomt...
Bei it stek fan de tsjerke wurde wy opfongen.

Dan kom wy bei de tsjerke.

De diaken hâldt de Peaskekears en de foargonger seit:

*Kristus,
juster en hjoed
begjin en ein
Alfa en Omega.
yn syn hân lizze
tiid en ivichheid
krêft en hearlikheid
alle ieuwen fan dizze wrâld.
Amen.*



koeren....

De sinne komt op... Wy begjinne mei te lusterjen nei de it sjongen fan de fûgels... en at wy stil binne en de fûgels sjonge begjinne twa downen te

It koar begjint te sjongen:

Meitsje in fjoer yn é tsjustere nacht en nim alle bangens wei....



De Peaskekears wurd oanstutsen

Dernei geane wy de tsjustere tsjerke yn. Útsjen en net stroffelje... de jongereinbank bliuwt leech... De jongelju kin je flûsterjen heare: "Kom gau, wy moatte foaroan sitte dan sjogge je it meast...."

Yntocht fan it Ljocht

In diaken dracht de Peaskekears de tsjerke yn. Treije kear wurdt it 'Ljocht fan Kristus' songen. Dat bart op de drompel, healwei en by de tafel. De foargonger sjongt: "Ljocht fan Kristus"



en wy antwurdzje: 'Hear wy tankje jo'.

De lof fan it Ljocht

De diakens jouwe it ljocht no troch oan de hiele gemeente. It wurd ljocht...

It koar sjongt:

*Licht ontloken aan het donker,
Licht, gebroken uit de steen,
Licht, waarachtig levens teken
werp u waarheid om ons heen.*



Dienst van de schriften

1^e lezing is uit Genesis 1: 1-5.

2^e lezing is uit Exodus 14: 9-10 en 15-29.

3^e lezing is uit Markus 16: 1-8

Meditaasje

De vrouwen gongen betiid nei it grêf. Dat witte wy goed want der is opskreaun dat it wie krekt foar de sinne opkomt.

It binnen bysûndere dagen. De goed freed mei de eangst, de trienen, it fjochtsjen en flechte.. it kwea stie op 1.

De stille sneon wie it wachtsjen.

En no wie it fjoer bei en yn de tsjerke. It ljocht kam út it tsjuster. Der is in neie takomst ek foar ús libben.

It grêf is leech. It is hast net te leauwen.

Healwize praat neamden te feinten it.

En dan de vrouwen die de Engels troffen. Ek sy wie sa kjel wurden dat sy neat fertelden.

"It is net te leauwen, it is bjusterbaarlik"

En doch meie wy bliid wêze en troch de tsjerke en it libben hinne springe. It tsjuster en sûnde winne it net!

Wy sjonge is it lied:

*'Ik danste inde ochtend toen de wereld begon
en ik leidde de dans van de sterren, maan en
zon'..*

We spreken de geloofsbeledenis uit.

Dat bard wilens wy om it doopfont steane.

Elk dy't doopt is, kin no syn of har eigen doop op é nij betinke.

Dat kin troch

de hân troch it wetter ter heljen.

Ûnderwilens sjonge wy it belidenisliet fan biskop Tutu:

*'t Goede is
terker as't
kweade*



*Leafde sterker as haat.
Ljocht is terker as tsjuster,
Libben sterker as dea
Hy hat oerwûn, Hy hat oerwûn
Syn leafde draacht ús*



Slotlied

Wy sjonge mei elkoar U zij de glorie, opgestane Heer.

Seine

Foargonger: De Hear is opstien.

Wy: De Hear is wierlik opstien

Foargonger: Gean yn frede

Wy: Halleluja.

Peaskemiel

Tige fleurich geane wy mei elkoar nei de Fikarij.
D er stiet Peaskebôle, in aai, kofje en tee klear.

